

# De Treffer



J.F. Flisijn **L** TOLSM

restaurant catering service

Hofdijkweg 2  
Lissewege  
Tel. 016-2883283

1947 - 1997

BV SF

Voetbalvereniging S.D.S.  
Oosterend

anno 10 augustus 1947

Jubileumnûmer 60 jier SDS

# De Treffer

**klupblêd fan fuotbalferiening SDS**

**jiergong 37 jubileumnûmer 60 jier SDS**

**july 2007**



**Redaksje:**

Aant Hofstra  
Sjoerd van Beem  
Willem Wijnia  
Metsje Huitema  
Gerard van Asselt  
Silvia Hania

**Adres:**

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels 0515-332364  
Molewâl 4, 8731 AD Wommels 0515-332482  
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels 0515-331444  
Tywert 4, 8731C L Wommels 0515-333295  
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein 0515-332181  
Foarbuorren 17A, 8734HD Easterein 06-18948689

**tillefoan:**

## Fan de redaksje



Op 10 augustus 2007 bestiet SDS 60 jier. Om 't wol wer ris tiid waard foar in feessie is der besletten om hjir wat mei te dwaan. Net in hiel wiidweidich feest, want 60 jier is wat oars as bygelyks 50 of 75 jier. Dêrom net in hiel wykein feest, mar ien dei. De wedstryd tusken Easterein en Wommels kin sjoen wurde as opwaarmerke. Ek de Trefferredaksje hat der foar keazen om net wiidweidich stil te stean by it 60-jierrick-jubileum. Op de 50e jierdei is der in prachtich jubileumboek útkommen wat noch altiten sjoen wurde kin as must yn de boekenkast foar eltsenien dy 't wat mei SDS hat. Om dôchs wat te dwaan mei dizze jierdei is der keazen foar in spesjale edysje fan de Treffer. Yn dizze Treffer net allinnich omtinken aan de fuotballers fan SDS mar ek bygelyks de supporters. Op hast eltse side fan dizze Treffer kinne jim in foto fine fan SDS-supporters dy 't nei in wedstryd fan SDS steane te sjen. Reade tried yn dizze edysje fan de Treffer is ek de rubryk "SDS'ers".

Alderaardichste anekdoates oer SDS'ers fan no en it ferline. Foar de rest stiet der û.o. in ferhaal yn mei ien fan de oprjochters fan SDS Yme Zijlstra; Bolke is (foar ien kear?)werom en de útslach fan ús poll; Grutste sukses fan SDS.

Ek kinne jim yn dizze Treffer it komplete programma sjen foar sneon 25 augustus, de dei dat it jubileum fan SDS fierd wurdt. Ferjit net om je op 'e tiid op te jaan foar it fuotbaljen en barbecuen!!!!

Wy winskje jimme in protte lêsnocht ta!

P.s. Ek Johan Cruijff is dit jier 60 wurden. Dat kin hast gjin tafal wêze??  
(WW)

# **Ynhâldsopjefte jubileumnûmer**

<i>Fan de redaksje .....</i>	1
<i>Ynhâldsopjefte jubileumnûmer.....</i>	2
<i>SDS 60 jier âld of jong? .....</i>	3
<i>Programma jubileum SDS zaterdag 25 augustus 2007.....</i>	4
<i>Toelichting programma Senioren en A- en B-junioren.....</i>	5
<i>Opgave voor de barbecue .....</i>	7
<i>Opgave voor het Mixtournooi.....</i>	7
<i>Consumptiebonnen.....</i>	8
<i>Easterein – Wommels op freed 24 augustus om 19.00! .....</i>	9
<i>Âld-Easterein – Âld-Wommels?.....</i>	10
<i>Seleksjes Easterein-Wommels.....</i>	11
<i>Bysûndere markante trainers.....</i>	12
<i>1968.....</i>	14
<i>Myn moaiste momint.....</i>	15
<i>Ús moaiste wedstryd.....</i>	16
<i>Toernooi Roeselare A1.....</i>	17
<i>Bolke is still alive! .....</i>	18
<i>De spilers fan SDS.....</i>	20
<i>Fuotbalje tusken de greppels .....</i>	23
<i>Gjin jierdei.....</i>	24
<i>Hoe tinke oaren eins oer SDS? .....</i>	27
<i>S.D.S. - Oudega W.....</i>	32
<i>Útslach poll “grutste sukses fan SDS”!.....</i>	33
<i>Wat hat de 60 jier oerlibbe? .....</i>	34
<i>Meiwurkers jubileumtreffer.....</i>	38

## SDS 60 jier âld of jong?



Mei dizze  
oanhof skriuw  
ik myn  
foarwurd foar  
de jubileum  
Treffer. In  
aparte Treffer  
weryn SDS

sintraal stiet.

60 jier âld of jong, sawol âld as jong wol ik efkes beskriuwe.

As jo 60 jier binne dan ha jo al in hege leeftyd. Krekt nei de 2<sup>e</sup> wrâldoorloch (10-8-1947) wienen der minsken út Easterein dy graach fuotbalje woennen. Skitterend dat se dit dien hawwe. Wy genietsje der noch elk jier fan. Yn die tiid wienen der in soart doarpen dy't sportferieningen opsetten. Der binne dit jier dan ek in soart doarpen dy't feest hawwe, bygelyks CVVO út Lemmer, Balk en Nijlân. Sa sille der grif mear wêze.

Tige tank foar die minsken fan it earste oere. Wer 't se cartiids op greidelân tusken de skieppekeutels fuotbalden, hawwe wy no goede fjilden mei 2 trainingsfjilden. En in nije kantine yn oanbou(oplevering midden oktober). SDS libbet noch folop en fielt sich noch jong. Ek de namme SDS hat in goede útstrieling yn Fryslân. Eltsenien fynt it knap dat SDS al jierren yn de 2<sup>e</sup> klasse fuotballet mei ien jier sels 1<sup>e</sup> klasse. SDS is net allinne Easterein. Sels sis ik dat wy in regio klup binne mei spilers út Wommels, Itens, Rien, Hinnaard, Hidaard, Kûbaard, Spannum, Littens, Winsum, Lollum en mei útsjitters út Mantgum, Weidum, Snits, Frjentsjer en Ljouwert. Mei ûngefear 300 leden groeit SDS noch altyd. Seker as Wommels mei

hast 70 hûzen groeie sil oan 't 2010 (binnen 3 jier!)

Dan kinne we wol ris yn de knipe komme mei de fjilden. Ek dan sil der wol in oplossing foar komme. Mei dizze wittenskip sil SDS jong bliuwe. Bestjoerlik kinne we alles noch behappe mar dat hâldt net oer. It wordt hieltyd dreger want elts âlvetal/sântal moat wol trainers en lieders hawwe. Deryn kinne we altyd minsken brûke. Jier op jier besjocht it bestjoer as alles wer út komt. Dit knypt it meast by de jongerein. Hjiryn wol ik dochs wol in oprop dwaan oan âlders om te stypjen.

Hawar earst dit feest mar wer yn at wy stil steane meie by dit 60 jierrich jubileum. Der is in jubileum kommisje gearstald. Hjiryn sitte Popko Wijnia, Meinte Wesselius, Dukke van der Weij en Akke de Haan. Sy hawwe in moai programma makke. Op foarhân tige tank. Freedtejûn begjint it mei de streekderby Easterein – Wommels. Sneontemoarn is de jeugd fan SDS oan set wer 't sportklup Hearrenfean in "fuotbalklinik" fersoarget foar de F-, E- en D-pupillen en de C-junioaren. Middeis is der in toernooai foar de senioren mei de B- en A-junioren. It feest wordt ûfsletten mei in barbecue.

Nei myn betinkst is SDS noch spring libben en jong. De feriening kin noch lang mei, mar wol mei help fan ferskate vrijwilligers, âlders en jongerein wer't de klup net súnder kin.

Ik winskje jimme twa noflike dagen ta.

Mei groetnis  
Douwe Dirk Reitsma (DDR)  
Foarsitter SDS

## **Programma jubileum SDS zaterdag 25 augustus 2007**

Het ochtendprogramma is gereserveerd voor onze jongste jeugdleden en bestaat uit een voetbalclinic onder leiding van Maarten de Jong van SC-Heerenveen. Iedere deelnemer ontvangt van SC-Heerenveen een persoonlijke uitnodiging en een "paspoort". Het is de bedoeling dat je dit "paspoort" meeneemt. Hierin kunnen de scores van de spelonderdelen van de clinic worden bijgehouden.

8.30 -8.45 uur	Ontvangst E- en F-pupillen
8.45 uur	Welkom en uitleg Clinic SC-Heerenveen
9.00 -11.00 uur	Clinic SC-Heerenveen E- en F-pupillen
10.30 -10.45 uur	Ontvangst D- pupillen en C-junioren
10.45 uur	Welkom en uitleg Clinic SC-Heerenveen
11.00 -13.00 uur	Clinic SC-Heerenveen D-pupillen en C-junioren
13.00 -13.15 uur	Ontvangst A- en B-junioren en senioren
13.15 uur	Uitleg mixtournooi en loting eerste ronde
14.00 -17.00 uur	Mixtournooi A- en B-junioren en senioren Lees onderstaande toelichting en geeft je tijdig op. Hoe je dit kunt doen lees je verderop in deze Treffer.
17.30 uur	Prijsuitreiking en uitdeling consumptiebonnen en barbecuebonnen
18.00 uur	Barbecue/feestavond onder muzikale begeleiding van Tjeerd Abma.

De barbecue wordt verzorgd door Murk's Slagerij uit Wommels. Het is de bedoeling dat je je vooraf opgeeft voor deze barbecue. Hoe je dit moet doen staat verderop in deze jubileum Treffer.



## Toelichting programma Senioren en A- en B-junioren

De senioren en de A- en B-junioren spelen een mix-tournooi.

Iedere deelnemer speelt vijf wedstrijden van een kwartier op een half voetbalveld. Er wordt gespeeld in wisselende teams van maximaal zeven veldspelers. Voorafgaand aan iedere ronde wordt er opnieuw geloot. Je speelt dus nooit in hetzelfde team. Alle resultaten worden per individu bijgehouden. Zo ontstaat er een individueel klassement.

De deelnemers worden ingedeeld in twee poules. Poule A bestaat uit B-junioren, A-junioren en de jongste senioren. Poule B bestaat uit de overige senioren. In beide poules zitten evenveel deelnemers. Wij streven naar teams van gelijke sterkte. Net als bij het ledenkaatsen, worden de deelnemers in elke poule verdeeld in drie categoriën. Beschouw het maar als A-, B- en C-maten.

Uit iedere poule worden op deze wijze acht gelijkwaardige teams samengesteld, die gelijktijdig spelen op vier halve velden.

Wij verwachten alle deelnemers uiterlijk om 13.00 uur in de kantine/feesttent. Ter plekke wordt dan bekend gemaakt in welke poule en categorie je bent ingedeeld. Om circa 13.15 uur vindt de loting van de eerste ronde in poule A plaats.

Dit gaat als volgt:

De A-maten pakken een briefje uit de eerste beker. Op dit briefje staat de naam van een speelveld genoemd (zie plattegrond op de volgende bladzijde). Vervolgens meldt de deelnemer zich bij de veldcommissaris. Deze official zit achter een tafel aan de zijkant van het veld. De veldcommissaris neemt het briefje in ontvangst en vraagt je je naam te noteren op een formulier. Deze handeling is nodig om de individuele score's na iedere wedstrijd te verwerken in een computerprogramma.

Voor de B- en C-maten geldt hetzelfde ritueel. Zij pakken het veldbriefje echter uit een andere beker.

### SDS'ers(1)


It is in akelige wedstryd. SDS 4 spilet yn Top en Twel tsjin TOP'63. Oan beide kanten rint it foar net in meter. As de bal efkes op de helte fan SDS is beslút Pieter Veenje om efkes yn de boskjes te pisjen. Dit die SDS 4 goed. Sy setten efkes aan en foardat Pieter der wer yn wie waard it 1-0 foar SDS. De ferdediger dy 't Pieter oer it hiele fjild folge hie it kommentaar foar Pieter fuortendaliks klear; "Neffens my kinsto der better útbliuwe....."



Als de teams in poule A spelen, loten de teams in poule B voor de eerste wedstrijdronde, zodat zij direct na afloop van de wedstrijden in poule A, gereed zijn het veld te betreden.

Terwijl de spelers in poule B hun eerste wedstrijd spelen, kunnen de spelers in poule A gaan loten voor de tweede wedstrijdronde etc. etc.

We zullen wellicht een beroep doen op deelnemers om een wedstrijd te fluiten in de andere poule.



## **Opgave voor de barbecue**

De barbecue is toegankelijk voor leden, vrijwilligers, sponsors en Freonen van SDS. Natuurlijk is je partner ook welkom.

Het enige dat we van je vragen, is dat je vooraf opgeeft.

Dit kun je doen door € 2,50 over te maken op bankrekening nr. 34.95.01.033 t.n.v. Voetbalvereniging SDS, onder vermelding van "barbecue" en je naam. Als je meerdere personen opgeeft, verzoeken wij je een veelvoud van dit bedrag over te maken. Wel graag alle namen vermelden.

Het bedrag moet uiterlijk 15 augustus binnen zijn. De barbecuebonnen kun je zaterdag 25 augustus vanaf 17.00 uur in de kantine afhalen.

Als je een bon inlevert bij Murk Okkema of één van zijn collega's, wordt het hierop vermelde vleesgerecht persoonlijk voor je bereid. De vleesgerechten kunnen worden genuttigd met stokbrood, kruidenboter salades en diverse sauzen.

---

## **Opgave voor het Mixtournooi**

Dit kan tot uiterlijk woensdag 22 augustus 2007 uitsluitend via een email naar: [meintewesselius@hetnet.nl](mailto:meintewesselius@hetnet.nl) of telefonisch (tel. 0515-332431).

Op donderdag 23 augustus worden de poules en de categoriën ingedeeld. Vanaf deze dag kun je je niet meer opgeven.

Als je je eenmaal hebt opgegeven, rekenen we op je komst. Mocht je onverhooppt verhinderd zijn, bel dan tijdig af. Het is voor de organisatie niet prettig om op de dag zelf nog te improviseren.

Uiteraard mogen niet spelende leden, vrijwilligers, freonen en sponsors ook aan dit toernooi meedoen.

Alle deelnemers worden vriendelijk verzocht een donker en een licht shirt mee te nemen.



## Consumptiebonnen

Bij zo'n feestelijke gelegenheid hoort een rondje van de zaak. En afhankelijk van onze begroting misschien wel twee of drie rondjes.

Wij willen dit doen door middel van consumptiebonnen. Alle deelnemers aan het mixtournooi ontvangen de consumptiebonnen ter plekke. De niet deelnemende leden, sponsors, vrijwilligers en freonen dienen zich te melden bij de stand van de jubileumcommissie in de kantine.

### SDS-gefoel(1)

Dit is no it SDS-gefoel fan Bauke de Boer.



**De lunchpakketten  
voor alle  
vrijwilligers zijn  
gesponsord door  
Poiesz  
Supermarkten  
vestiging  
Scharnegoutum**

**POESEL**  
SUPERMARKTEN

## **Easterein – Wommels op freed 24 augustus om 19.00!**

**Op freed 24 augustus sil "The Battle of the Greidhoeke" Easterein - Wommels spile wurde. De wedstryd begint om 19.00 oere.**

Foar in soad SDS'ers sil dizze wedstryd miskien wol de wichtigste wedstryd fan it seizoen wêze. Der sil striden wurde om in grutte wikelbeker, mar de ear is miskien noch wol folle wichtiger. Easterein sil koacht wurde troch Klaas

Okkema mei help fan Dirk Okkema. Sy hawwe geregeld kontakt oer de te folgen taktyk. Ek de psychologyske oarlochsfoering is al dwaande. Grutste klapper tinke sy Wommels al tabrocht te hawwen mei it binnenheljen fan Ype Tiemersma yn Easterein. Ek it fuortkapen fan Anne Brouwers "oogappeltje" Jan Stenekes nei Easterein wordt sjoen as wichtige stap nei de oerwinning. Ommers gie Jan ea net just fan Itens nei Wommels en wurke hy by Anne Brouwer yn de Jimbar. De Jimbar wordt ek wol sjoen as it "spelershome" fan Wommels. Jan sil eksakt op de hichte wêze fan wat der yn Wommels allegear spilet. Klaas en Dirk hawwe ek regele dat der yn Wommels rûn de fiver by it

fuotbaljfild húzen boud wurde. Sa hawwe de Wommelsers gjin fjild om te trainen.

Wommels sil koacht wurde troch Anne Brouwer. Anne is al jieren oan de gong mei de tarieding op dizze wedstryd. Hy as âld-Lollumer wit hoe 't it is om sa 'n derby te spyljen. Sels stie hy ea by Lollum yn de basis tsjin Waaksens. Dêr wordt no noch oer praten. Anne hat yn de rin fan de jieren al aardich wat spilers nei Wommels helle. Hy sjocht wat mear nei kwaliteit

en doch net mei oan de psychologyske oarlochsfoering fan Easterein. Hy helle Hendrik de Jong en Anne Stenekes nei Wommels. Ek gie hy foar Ate Feike de Boer fan Nijlân. Salang as hy net lid is fan SDS sil Ate Feike allinne net meifuotbalje kinne by Wommels. Anne hat Ate Feike wol bereid fun om der foar te soargjen dat de Terp yn goeie steat is sadat de Wommelsers hjir fan 't simmer goed op traine kinne. It spelershome(de Jimbar) kin dan ek optimaal brûkt wurde wat mei namme de "teamgeest" te goede komme sil.

De kommende tiid sille jim op de hichte hâlden wurde fia de website([www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)). (WW)

### **SDS-gefoel(2)**

Ate Vellinga (âld lieder dames seal / supporter)  
‘Hoe as in lytse klup grut wêze kin!  
Hiel knap dat san lytse doarpsklup sa heech spylje kin.  
De Bunnikside is in hecht klupke, dêr genietsje ik ek fan!’



## Âld-Easterein – Âld-Wommels?

Wy hoopje dat de wedstryd tusken Easterein en Wommels in spektakel wurde sil fansels, mar miskien noch wol mear dat it in aardige tradysje wurdt. Lykas dat op nijjiersdei elts jier de Keninklike HFC tsjin de âld-ynternationals spilet. Earst efkes fuotbalje en dêrnei ûnder it genot fan in hapke en in snapke âlde herinneringen ophelje. Yn dat kader is it miskien ek wol in idee om ris in wedstrydsje te organiseren tusken âld-Easterein en âld-Wommels. Sy binne ommers nea yn de gelegenheid kommen om tsjin elkoar te fuotbaljen. Der spûkje ús al allegear nammen troch de holle:

Âld-Easterein	Âld-Wommels
Tsjerk Okkema	Lolke Hofstra
Klaas Kamstra	Daan Boersma
Keimpe Meijer	Jan Weijer
Hendrik Okkema	Theunis Boonstra
Folkert Gorter	Minne Sjoerd Bouma
Douwe Schaafsma	Tjalling Haakma
Geert Dijkstra	Lieuwe Hoitinga
Klaas Overal	Ate Vellinga
Wouter Hylkema	Siepie Visser
Jan de Boer	Meinte Wesselius
Jan van Asselt	Piet de Jong
Djurre Tacoma	Kick Smit
Tinus Hoekstra	Pier Zijlstra
Theo Jelsma	Tsjalke Pander
Jelle de Boer	Appie Postumus
Lolke Bouma	Sjoerd Postma
Jan de Jong	Cor Postmus
Geert Hiemstra	Chris Postma
Coach: Klaas Okkema	A. Brouwer.
Fersoarger Dr. Loor	L.H.J. Bogstra
Grinsjochter Foeke Velzen	Daan de Hoop



## Seleksjes Easterein-Wommels

De koaches fan Easterein en Wommels hawwe efkes stinne moatten op harren seleksjes. Krekt foar it útbringen fan dizze jubileumtreffer kamen Klaas Okkema en Anne Brouwer mei de folgande nammen foar de foarlopge seleksjes:

### Easterein

Marten Faber  
Marco Hoekstra  
Syb Overal  
Floris Hiemstra  
Pieter Kamstra  
Tsjipke Okkema  
Jildert Hylkema  
Gert-Jan Hiemstra  
Ype Tymersma  
Dirk-Yde Sjaarda  
Dirk de Jong  
Andrew Feijten  
Robert Hoekstra  
Jan Simon Jelsma  
Wouter Hylkema  
Feite de Haan  
Jan Stenekes  
Stefan van Krimpen  
Harm Stremler  
Gerrit Flisijn  
Robert Sybesma

Coach:

Klaas Okkema

Fersoarger:

Anne Brouwer

Grinsrjochter

Klaas Overal

Piet de Jong

Materialen:

Daan Boersma

Ate Vellinga

### Wommels

Mark Postma  
Henk Postma  
Jacob Klaas Haitsma  
Erik Haitsma  
Anne Stenekes  
Jeroen Brouwer  
Hendrik de Jong  
Wesley Hotinga  
Wichard Deinum  
Jappie Wijnia  
Remco Bervoets  
Jelmer Posthumus  
Arjen Posthumus  
Willem Wijnia  
Dennis Dijkstra  
Sjoerd Rispens  
Redmer Strikwerda  
Korné Boekholt  
Mister X  
Mister Y



## Bysûndere markante trainers

Ferhalen oer bysûndere, markante trainers út de 60 jierrige skiednis fan vv SDS.

*SDS hat in rike skiednis, wêrby't in protte trainers harren opwachting makke ha. Faaks binne it minsken fan de klup, by it 1e is dat meastentiids immen fan bûten ôf. Tusken al dizze trainers binne der altyd in oantal dy't hingjen bliuwe, faaks om harren prestaasjes, mar miskien noch wol mear om harren ferskining, gewoanten, útspraken en de anekdoates dy't yn harren tiid foarm krigen. Hjir folge in oantal ferhalen dy't ús troch inkele SDS-ers aanrikke binne.*

Ein jierren 70 wie dhr. De Boer fan Ljouwert trainer fan SDS 1. As it trainingsfjild om it waar net brûkt wurde koe, dan moast de seleksje de draafskuon oan dwaan om sa de kondysje op peil te hâlden.

Drave súnder bal is foar in fuotballer meastentiids net ien fan de redenen wêrom't se graach fuotbalje. 'In blokje om' wie by de Boer in wiere kwelling. De mannen moasten fia Wommels, oer Iens en Hinnaard foar't se wer yn Easterein oan kamen. De Boer moast fansels mei eigen eagen sjen as der wol draaft waard. Dêrom fytste hy sels efter de groep oan.

Under dizze trainer belibbe it flaggeskip ek in wat mindere perioade. De prestaasjes wiene net sa bêst en dat hic syn wjerslach op de sfear. Foar de wedstriid stie de opstelling altyd op in boerd dy't yn de boks hong. Op in kear waard de Boer sa lilk dat er mei boerd en al de klaakeamer út run, de spilers yn fertwiveling efterlittend.

Yn de treffer fan juny 2007 stiet al dat Johan Orsel in grut sportman wie. Hy kaam wolris op skeelers oer de ôfslûtdyk om oanslutend in training te lieden en derby konstant foaroan mei te draven. It wie in op en top sportman, de seleksjes wiene oant doe ta noch nea sa fit west. In protte kondysjewurk, kreftrainingen en it fanaticisme fan dizze man ha dêr in grutte rol yn spile.

### SDS-gefoel(3)

Marcel Frankena (trainer SDS 1 fanôf 2006)

'De grote betrokkenheid van zoveel mensen maakt SDS als een familie.

Een warme familie met zo nu en dan een kritische noot en dat mag ook!

Ik heb het naar mijn zin en ga er vanaf augustus, met de nieuwe staf, weer vol tegen aan en hoop aan het einde van volgend seizoen wat te vieren te hebben.'



Ek fanatyk wie Theo Bootsma, dy't yn de jierren 90 de A junioaren in oantal jierren traind hat. Neffens de ferhalen koe der ferskrikkelik te kear gean as it him net nei it sin gong. Syn trainingen bestiene út in protte kondysjewurk, wêrby't ek de izeren poartsjes dy't in skoft op it trainingsfjild omslingere ha faak brûkt waarden.

Hy die ek regelmjittich mei aan de training, dan koe er min tsjin syn ferlies en flokte er de hiele boel by elkoar. Nei de training as wedstriid wie der fansels wol tiid foar ûntspanning (bierke) en dan hie er de sterkste ferhalen oer syn wuk as útsmiter by de 'Close up' (diskoteek) yn Snits.

In fraksje minder fanatyk wiene Peter Sybesma en Hille Meijer. Earne yn de jierren '90 trainden se in jeugdteam. Wylst de mantsjes oan it switten wiene, stiene sy gau ris oan de kant fan it fjild mei harren froulike fans te praten. Ek ha se it nochris prestearre om nei de training in bus mei 'strontspray' yn de klaaiboks leech te spuitsjen. It gong der mál om wei, mar de wille wie der net minder om.

Ein jierren '90, begin dizze ieu trainde Rein v/d Woude de A1. Under syn lieding waard der alles oan dien om it maksimale ut de spilers en de ploeg te heljen. Doe't de A1 foar it earst yn Roeselare kaam, wiene se dan ek topfit. Nei oankomst waard daliks de kantine ynspektarre. En al rillegau stie der foar elkenien in bierke op tafel. Dernei folge de twadde, doe de tredde ensafuorthinne. En wylst us tsjinstanners oankamen stiene in protte spilers op de tafels te dûnsjen en te sjongen. Rein syn gesicht stie op ûnwaar, de konkurinsje moast allinnich mar laitsje om 'die boeren' en wy hiene de grutste wille.

It moaiste oan dit ferhaal is noch wol dat de ploech oan de ein fan it toernoai mei de 2<sup>e</sup> priis yn de hannen stie en dêrmei sjen liet dat se sawol feest fieras fuotbalje koe.

Mei mooglik makke troch: Ids Boersma, Robert Hoekstra, Wesley Hoitinga (SVB)

### SDS'ers(3)

Daan Boersma stiet bekend om û.o.syn Koos Alberts-ymitaasje. Doe 't hy noch fuotballe stie hy ek bekend om syn bananeskot. Net eltsenien wie hijrop berekkene. Sa wie it dat Daan op in dei úthelle foar in skot en de bal by de kornerflagge bedarre. De bal waard troch net ien rekke mar dochs joech de skiedsrjochter in korner. SDS 4 wie sportyf en gie nei de skiedsrjochter en sei him dat de bal echt net troch ien rekke wie en dat it gewoan in doeltraap wie. De skiedsrjochter wie net maklik om te praten. Nei lang praten joech hy dan dochs mar in doeltraap. De skeids sei: "As it gjin korner is, wat het dy fint him dan beroerd rekke....."



## 1968

It wie yn 1968. As jonge fan goed 16 jier hie ik krekt in skoftke spile yn 1A. Mar dy sneon wie der grif gjin wedstryd foar ús, want ik stie te sjen by it 1ste. Yn dy jierren spile dat fansels al mei likefolle ambysje as no, mar de organisaasje der omhinne sil dochs wol wat oars west ha as hjoed-de-dei. Wat de oanleding wie wit ik net, mar nei de earste helte wie der in spiler dy't net mear woe : "Ik hâld op!", sei er. In wissel soene je sizze, mar dy wie der ek net. " Kinsto de klean net efkes ophelje?", waard my frege. En ik nei hûs, dêr it spul oan en fansels hastich nei it fjild. Sûnder warming up daalks der yn en spylje foar 100%. It gie net iens sa min ( en dat sil grif in reden mei west ha, dat ik yn de warming-up nea foaroan rûn ha ) en doe't de wedstryd dien wie waard der sein dat ik de oare kear wol wer mei koe. Hoefolle we spile ha en tsjin wa wit ik trouwens net iens mear. In wike letter wie ik der dus wer by, út tsjin Joure. Net yn de basis mar dat hie ik ek net ferwachte. Healwei kaam ik der yn en ik makke noch in goal ek. Fanôf dy tiid bin ik der eins net wer út west. It wie in aparte start as fuotballer fan SDS 1. Nea ferwachte dat der letter in wandboerd hingje soe yn myn keamer mei de tekst :

"Ta oantinken oan 17 jier SDS 1, oanbean troch de spilersgroep 1985 - 1986 ". en dat hinget der no noch ! Apart dat soks no as earste yn in minske opkomt. Yn dy 17 jier binne fansels folle "spectaculairder" wedstriden west as beide hjir boppe beskreaun. Fan de earste ljochtwedstryd yn Snits om it kampioenskip tusken SDS 1 tsjin DWP, einstân 3 - 0 , oant it Frysk kampioenskip foar feteranen ta. En der binne in berch oare sterke ferhalen te fertellen (wit guon fan jimme it noch : de tiid fan Foppe yn Winsum?)

Dochs hâld ik mar by 1968. It begin fan myn "carriere", weryn ik in protte "kleurrike" spilers mei makke ha en wêr't ik mei in soad nocht op weromsjoch.

Jan van Asselt

### SDS-gefoel(4)

Hielke de Vries (trainer SDS 1 fan 1991 – 1994)

'Heel bijzonder was de trainingsopkomst in deze jaren, er ontbrak vrijwel nooit iemand. Het fanatisme was zo groot dat er tijdens de partijtjes gewoon door gevoetbald werd wanneer de bal in de stinksloot naast het veld was beland.'



## Myne moaiste momint

Ik ha in protte moaie mominten hân yn de jierren dat ik bij SDS fuotballe ha. It wie in gesellicke tiid, mei fansels hichte- en djiptepunten. Inkelde hichtepunten wiene dochs de útferkiezings foar it Frysk- en it Noardlik âlvetal en de seleksjewedstryd foar it Nederlânsk âlvetal. Mei troch stipe fan meinammen coach Jan (Spar) de Jong ha'k dat dochs allegearre mar meimakke. Mear mominten wiene ûnder oaren in klaakeamer dyt blank stie, stikkene skonken foar Meline van der Valk en Pytrick Brouwer, in bekerwedstryd yn Easterein tsjin Bakkefean dêr't fûleindich fuotballe waard en wêr't de grinsrjochter fan SDS fan lilkens de flagge yn't fjild mitere. Sa kin ik noch wol efkes trochgean.

Mar der is ien momint dat mij noch altyd foar eagen stiet. It wie in thûswedstryd, tsjin wa dat wit ik net krekt mear. We hiene in prachtig âlvetal, goed op elkoar ynspile en in hechte ploech. Alie Klijnstra, Jannie Klijnstra, Tineke Boersma, Jannie Kooistra en Jetske (úis Jet) van Beem makken ûnder oaren diel út fan dizze ploech. Ik gie mei de bal oan'e foet nei foaren ta, út myn eachhoeken seach ik Alie Klijnstra yn'e midden opkomen. Ik joech in foarset (presiis op maat) en Alie Klijnstra nimt in sprong en rekket de bal fol op'e rjochter foet en knalt de bal yn't goal. Ik sjoch Alie noch sveven.

It is in lyts momint yn in wedstryd, mar foar mij (sûnder alle oare mominten te koart te dwaan) hiel weardefol. It is it gefoel wat noch bij mij libbet, dat sa'n momint foar mij sa bysûnder makket.

Foar SDS is it ek wer in bysûnder momint:  
**60 jier!** Ik hoopje dat dit moment ek wer ien fan de moaisten yn de histoarje fan SDS wurdt.

SDS, lokwinske!  
Attie Zijlstra

### SDS'ers(4)

Enne Bruinsma stie net echt bekend om syn skorende kwaliteiten. Dochs hat hy yn syn fuotbalkarriëre ea in goal makke. Sels kin hy him hjir neat fan heuge. It wie Hendrik Eringa dy 't opstoome aan de rjochterkant en de bal keihurd op de goal ramme soe. Hy gie ynderdaad keihurd mar hy kaam boppe-op Enne syn holle. De bal fleach yn de goal en Enne bleaun 5 minuten op it fjild lizzen mei in harsenskodding.....



## Ús moaiste wedstryd

SDSA1-NijlandA1 (volgens mij een bekerwedstrijd) coach: Klaas Okkema

De wedstrijd die Wesley en mij is bijgebleven is de wedstrijd tussen SDSA1 en NijlandA1. Niet omdat het z'n mooie of belangrijke wedstrijd was, maar onder welke omstandigheden er werd gevoetbald.

Wesley en ik zaten onder andere met Jeroen en Ronny Wagenaar en Ivo Donath in het team. We kregen te horen dat we een bekerwedstrijd tegen Nijland moesten spelen, precies op de dag dat we in Wommels dorpsfeesten hadden en DUS MATINEE!!!!!! Wij Wommelers die graag willen voetballen, maar het ook wel leuk zouden vinden om het matinee te vieren, stelden voor dat de wedstrijd voor 1x verplaatst kon worden, maar helaas het kon niet anders. Er moest en zou gespeeld worden. Wij balen natuurlijk, maar als echte sportmannen namen we dit professioneel op. De dag was aangebroken, we hadden besloten dat we gewoon naar het matinee gingen maar dat we ons wel een beetje in zouden houden met het bier drinken. Na een mooi feest met veel bier en verkleedpartijen was het al lang tijd om te vertrekken naar Easterein om te ballen. Nadat we een paar x in de berm waren beland, kwamen we in Easterein aan. Lachend, gierend en zingend kwamen de box in waar de rest al klaar stond om aan de warming-up te beginnen. Die verbaasde gezichten van hun die vergeet je nooit meer. Toen kwam Klaas Okkema binnen wandelen met een serieus gezicht maar volgens mij kon hij zijn lachen maar amper in houden. We moesten allemaal gelijk de schmink van ons gezicht halen en rap het veld op. Jeroen Wagenaar kreeg de schmink niet van zijn gezicht af en had er een hele rooie kop van. Eenmaal het veld opgekomen na veel gelach, zien we de scheidrechter, nou dat was me er eentje. Wesley lag al weer te rollebollen over het veld heen zo lag hij in een deuk. Toen begon de wedstrijd met nodig wat drank op. We speelden toch nog een behoorlijke wedstrijd. Veel weten we er niet meer van alleen dat we met 4-2 gewonnen hebben. Wesley Hoitinga scoorde 2 x, Ivo Donath 1x en Johan Delfsma ook 1x. Wesley kwam nog wel een keer alleen op goal af maar net als in de hele wedstrijd struikelde hij over zijn eigen benen. Gelukkig kwam daar snelle Ivo aangehold en tikte de bal binnen voordat de keeper erbij kon. Deze wedstrijd is ons altijd bijgebleven. Van de wedstrijd zelf weten we dus niet zoveel meer maar het hele verhaal erom heen was om niet te vergeten.

Groetjes Wesley Hoitinga en Johan Delfsma

PS: We hadden ons zelf beloofd om er een beetje rekening te houden maar het bier smaakte zo lekker dat we die belofte snel waren vergeten.



## Toernooi Roeselare A1

Yn 1999 binne we mei de A1 dat jier (trainer Rein van der Woude, leider en striker Jeroen Brouwer en in han fol supporters) nei in internasjonaal toernooi yn it Belgyske Roeselare West. Nei tal fan foarbereidende aktiviteiten (sa as auto's waskjen en sponsors oanskrieuwe) giene we it hemelvaartwykein yn'e bus mei chauffeur Willy (legendarisch persoon) al kaartend en consumerend nei Belgie. Nei earst wat oer de fjilden, fan de tsjintwurdich yn'e Belgische heechste divisje utkommende profclub, rûn strunt te hawwen, belannen we jûns yn e kantine fan it stadion. Hjir ha we een jûntsje oan teambuilding dien, mei op e achtergrûn een kasettebandsje dat we sa faak heard hiene dat we alle teksten op 'e ein fan e jûn út de holle wisten. De volgende dei wie it tiid foar de foarrondes. We sieten yn in poule mei ú.o in Duts team (vfb Britz) en vv Maarsen ut Utrecht. Neidat we mei pine en moeite dizze poule trochkamen, stiene we al yn'e hale finale tsjin de A1 fan de Thusclub, SV Roeselare dus. we hawwe dizze pot steeds under druk stien en mochten fan geluk sprekke dat we mar 1 goal tsjin kriegen, omdat Hendrik de Jong 1x een skot loste, skoarden wij ek 1x, penalty's dus!! Hjir yn wie us keeper Jan Stenekes yn bloedfoarm, hij pakte 3 11-meters en toen stienen we yn 'e finale! Hjir moasten we letter op'e dei oantrede tsjin in oar Belgysk team wat ek op redelijk niveau spile. Dizze wedstryd gie jammerlyk ferlern mei 1-0 troch in skitterende goal fan hun beste spiler, Jan wie kansleas. Nei dizze (koarte) teloarstelling hawwe we nog efkes yn it Belgyske waar sjoen en dernei stie der op ien of oare manier hiel snel in taxi klear om ús thús te bringen. De volgende dei wer werom yn'e bus op nei Easterein, hjir nog in bakje sop dien en doe wer op nei heit en mem. Al mei al in unferjittelyk wykein wer yn we SDS internasjonaal op e kaart setten ha, seker yn Roeselare wer se it noch regelmjittich oer ús ha.

Pieter Kamstra

### **SDS'ers(5)**

Ruerd Rispens sil syn earste goal foar SDS nea ferjitte. Jierren spile hy foar SDS sùnder ea in goal te meitsjen. Doe 't hy tsjin de Ljouwerter Sweltsjes eindliks fan de nul ôfkaam gie eltsenien troch it lint. Ruerd gie op de skouders en net ien wit mear as de wedstryd wol útspile is.



## Bolke is still alive!

It klonk my as muzyk yn 'e earen dat der wer ris in âlderwetske striid komt tusken Wommels en Easterein. Dit is krekt de stof foar in columnist en dan noch wol op fuotbalmêd. Soe de fete tusken de doarpen dan wer hielendal op laaie? Elkoar wer healwei it fytspaad moedsje en it efkes útfjochtsje?

Wat foar fuotbal shjirten dogge hja oan want SDS is swart/wyt. Ien mei in swart tenu en ien mei in witen? Ik kin my net foarstelle dat bygelyks Wommels yn de giele kleuren fan de Jimbar Easterein yn de readen Wa dit winne sil wit ik my ek net.

De fete is neffens my al want it keatsen is en der is in protte wille Easterein der earder ôf is op 'e bûnspartij sjoen en inkele top keatsers stean dizze beide patoeren yn dan tegearre mar greidhoeke no de bête

seis keatsers ferskuorrends slaan mar keaste kinne hja net! Miskien in goede lieder dy harren by elke slach foarsizze moat hoe it moat?

No ik dochs efkes by it keatsen bin, wat fine jimme fan de prizen? Yn Easterein lêsten, prizen fan de garaazje W/B, de earste priis 20 liter benzine! Guon ha gjin auto, oaren keatsten mei bern, riid diesel, ensfh. It komt aanst safier dat de Okkema's stypje mei in potsje sie (wol spesjaal fan Tjerk want dy hat de grutste), in kúp sân as in kear hekkelje om it hûs en dat de Vellenga's sekken foer as prizen dogge.

Wat is it dochs moai net dat Bolke mei in protte stikjes gelyk kriegen hat. In nije kantine en der wurdt rekken hâlden mei de bern en ek mei de klanten want oan de prizen komme wy net, teminsten dat sei ien en oars gean ik wol efkes nei Ab, Veenstra boubedriuw en de gemeente ha wat wetter by de wyn dien en it binne allegearre húzen, de iene noch moaier as de oare, dat it swimbad de klomp ticht giet en dat allinne om de boargemaster want dy wennet der skean efter en wol rêt ha en kin net hearre dat de bern ris wille ha en guon âlderen dêr jûns in baantsje swimme, dat de minsken om Easterein wol ferplichte binne om op wyt/swarte fytsen te kommen want connexxion en de provinsje ha de lijn 35 skrast en it wie Skearnegoutum dy dêr op 'e hichte fan



lang wer oan de gong  
ommers wer begin  
as Wommels of  
as de oare. Ik ha efkes  
dan sjoch ik by beide  
en dan tinke jo dat  
de prizen falle sille en  
útmeitsje wa fan de  
is. Wat kinne dizze



wiene en ha twa prachtige "dugouts" fan bushokjes en sa sille der fèst noch in protte dingen wèze mar ik ha al de edysjes by it âld papier smiten.

Ik soe it noch oer in protte dingen ha wolle mar ja, in columnist hat him te hâlden oan de lingte fan de stikjes.

Bygelyks waard der in maaiekever sjoen yn juny, oer in Utstrûper (ééndagsvlieg) dy in wike libbe hat, oer de moaie greiden sùnder blommen, fersmoarge grûn en it ferfier, de greidhoekerintocht, wenje op/by Skrok, oer it fuotbaljen, de beleaving, de tredde helte, in nije skoalle yn Wommels, de rûnwei, de provinsje, de rie en de rest, de Baaiumer omlieding ensfh.

Bliid bin ik dat ik foar de treffer wer wat dwaan mocht mar der sit noch altyd noch wat âld sear. Net by de redaksje hear mar by oaren want hja witte miskien net dat in columnist begjint wêr oaren ophâlde en de brod deaswije wolle.

Dat ik net elke moanne in stikje skriuwe mei mis ik noch altyd mar hjerby, litte wy de striibile mar begrave want it komt nea werom!!!!

Ik kin myn aai earne oars wol kwyt

Bolke

#### **SDS'ers(6)**

It trainingskamp fan SDS 4 op Skylge sil de measten noch lang heuge. Ek Jehannes Nauta wie mei om op de beurzen te passen. Lakkich genôch wie Jehannes al gau sa snoad om de beurzen mar oan Baukje Overal te jaan. Sa koe hy se ek net ferlieze. Doe 't nei in nacht flink stappen Jehannes de folgende dei as earste wekker waard, skrok hy him wyld; "Wêr is de pûde mei beurzen?" Hy klaaide him hurd oan en gie as in spear nei de earste de beste pinautomaat om 800 gûne te pinnen sadat hy eltsenien werom betelje koe foardat sy lilk wurde koenen om de ferlerne beurzen. Doe 't hy wer by de herberch kaam seach hy Baukje....mei de pûde mei beurzen....

#### **SDS-gefoel(5)**

**Ivo Donath (spiler)**

'SDS is in gesellige klup, ik mei der graach fuotbalje, fiel my der thus.'



## De spilers fan SDS

Rekkenje mar ris út. Gemiddeld 5 alvetallen mei noch gemiddeld 4 reservespilers en dat kear 60 jier. Dan hawwe wy it oer 4.500 spilers.

De A's, B's, C's, D's, Eetsjes en Efkes binne noch net iens mei teld. Dan komme der al gau wer in stik as 6.000 by. En de froulju meie fansels ek net ûntbrekke. Fansels, net alle jierren wiene der sa folle alvetallen en it binne net 10.000 ferskillende spilers, mar dochs 10.000 spilers foar SDS troch de jierren hinne!

### Ferneamde spilers

In feriening mei safolle spilers, moat ek ferneamde spilers yn de gelederen hawwe, dat kin net oars. Mar in rûntsje yn de kantine smiet net folle op. 'Dy reade, hoe hiet er ek al wer. Hy die nea in stap te folle, mar stie wol altyd op it goede plak'. Of 'Nee, dan moatst net by my wêze, dêr doar ik neat oer te sizzen'. Ek in protte heard: 'Tsja, wat is ferneamd?' En yndie, wannear binne je in ferneamde fuotballer?

### Jierren 70

Mar nei wat mear omfreegjen kamen dochs in protte deselde nammen foarby. En opfallend of net, se kamen faak út in alvetal út de jierren 70. Tinus Hoekstra bygelyks. Fansels om't er foarsitter west hat fan it bestjoer, mar ek om't er yn it fjild in wiere fjoerfretter wie. Of de bruorren Fedde en Durk Ypma. Twa twillingbroers. Jan de Jong seach as lyts jonkje al nei syn fuotbaljende buorjonges dy't eins ûnder itselde dak wennen as hy. 'Se fuotballen dan jûns yn it steechje. Mar ik koe fansels net mei dwaan. Ik lei al op bêd en koe se troch it rût hinne sjen. Sa haw ik it fuotbaljen leard, tink ik', gniist er. 'En letter kaam ik sels by harren yn it earste te spyljen'.

### Temperamint

Yn datselde tiim siet ek Freark Smink. Hy kaam fan in oare klup, mar wie skoalmaster yn Hidaard. Ek al sa'n man mei in protte temperamint, at wy de ferhalen leauwe meie. En dat earder stikje oer dy reade? Dat soe wolris oer Jan van Asselt geann kinne. Net hiel aktyf op de treningen, mar bikkelhurd yn it fjild. En wol altyd goed te plak stean! Of hie Wopke Dragstra ek read hier? Ek hy die neat te folle, mar ek neat te min. En masters litte harren fansels net goed stoere....Tjerk Okkema wie in degelike spiler, goed en rôstich. Sieb Visser in echte goaltsjemakker. Pier Zijlstra, ek al wer sa'n ferneamde namme.

Of Theo Jelsma, ek wol de intercity neamd om't er mei de bal oan de foet net te



hâlden wie. En Piet de Jong en Jan de Jong, dy't hurd drave koe. Allegearre makken hja diel út fan it beruchte tiim ûnder lieding fan Theo Jansen. In tiim mei in mjuks fan âld en jong dat prachtige resultaten helle hat.

### SDS'ers(7)

Eartiids waard de tee yn it skoft set troch Hindrik Bijlsma, Tinus Levering en/of Yme Zijlstra. De lytse jonkjes hogen dêr fansels allegearre om hinne. De grutste traktaasje? It útsoegen fan de teepûdsjes. Dat wie sa lekker waarm. Lyts detail? De tee waard set fan bakswetter! De reintonne wêrt dat wetter útkaam, stiet noch altyd by De Jong yn Easterein.

### **Jägermeister of poeiermolke**

Nei ôfrin fan de wedstriden sette it hiele spul ôf nei it kafé. No ja, 9 fan de 11, de beide twillingbroers giene eins nea mei. En dan wie der fan it temperamint op it fjild neat mear te merken. Spylje fol mei fjoer en dan as ien tiim yn it kafé de tredde helte belibje. En der wie ien dy bestelde altyd jägermeister of poeiermolke. Of soe it ek wolris beide tagelyk west hawwe, Freark Smink?

### **De tredde helte**

Net allinnich de wedstriden binne wichtich. It gesellige neipetear ûnder it genot fan in hapke en in snapke, heart ek by SDS. En dat witte de ferneamde spilers ek. Eric Haitsma hat bygelyks fuotballe by Cambuur. En Jehannes Tichelman by It Hearrenfean. Mar dochs, sy moatte ek de gesellige neisitten mist hawwe.

### **Oare ferneamde spilers**

De Hiemstra's komme mei ferskate foarnammen foar yn de rychjes mei ferneamde spilers dy't minsken yn it sin sjitte.

Ek Wouter Hylkema is regelmjittich neamd. In goeie fuotballer, mei in grut stik rinfermogen, technysk hiel feardich en in stille kracht. Hy fuotballet hjoed de dei yn it tredde.

Hy leveret fansels ek in wichtige bydrage aan de sponsoring.

En wat te tinken fan Gelf Eringa. Hy hie altyd de piip oan en hat lang fuotballe.

Of Phillipus Hingst.

Ek hy hat it hiel lang útholden op de fjilden fan SDS.

### **De froulju**

Ek by de froulju hawwe der hiele gacie fuotbalsters west. De namme dy't dêrby it faakst om 'e hoeke komt, is dy fan Attie Zijlstra. Sy is ek útnoege foar it alvetal fan Oranje.



## De begjinjierren

Ien fan de oprjochters fan SDS wie sels ek in goeie fuotballer. IJme Zijlstra is yn de tachtich en wennet noch altyd yn Easterein. Hy koe ôfgryslik hurd drave. At hy en Pieter van de Valk – doe destiids keeper – elkoar noch ris troffen dan hiene se it der altyd noch efkes oer.

## Ymport!

SDS gie altyd mei de tiid mei. Al hiel betiid wiene der 'ymport'-spilers. In pear Surinamers dy't yn it hûs wennen dêr't no Germ Terpstra wennet.

## Ta beslút

We hawwe yn dit stik mar in pear spilers neamd fan dy 10.000. En ek noch ris fan bepaalde perioades.

Grif hawwe jimme by it lêzen betocht wa't eins noch mear yn dit stik neamd wurde moatten hiene. Mar ja, as redaksje hawwe wy fansels net mei jimme allegearre in petear hân. En dan noch, it giet net om dy pear spilers dy't elkenien by bleaun binne. It giet om al dy 10.000 spilers fan SDS. Se binne allegearre markant, ferneamde, en foaral, se hawwe allegearre in SDS-hert.

Dat kin net oars! (SH)

## SDS'ers(8)

It wie op it fjild fan Wommels wêr 't Hendrik Eringa him efkes Oscar Zijlstra waande. Hendrik, dy 't mei nammen bekend stie om syn fiere útgoaien en miskien noch wol mear om syn mopkes, wie keeper en skeat fan út syn strafskopgebiet de bal út de hinnen fier it fjild yn. De wyn kaam derunder en de bal kaam fier op de oare helte. De bal hie sels sa'n gang dat op de oare kant de keeper (Jan Strikwerda) him hielendal strekke moast om de bal krekt oer te tikjen.

## Wa is jo bybleaun?

It is ûnmooglik om alle nammen fan ferneamde spilers hjir te neamen. Hawwe wy immen oerslein dy't jo bybleaun is? Lit ús witte wa't dat is en wêrom't hy of sy sa'n ferneamde spiler wie.

Stjoer in e-mail nei info@vv-sds.nl of nei sds-nijs@home.nl.

Jo kinne it ek op papier sette en bringe by Aant Hofstra (Swingoerd 25, 8731 CV Wommels), Willem Wijnia (Walperterwei 21, 8731 CC Wommels) of Silvia Hania (Foarbuorren 17, 8734 HD Easterein).

En wa wit, lêze jo aanst dat ferhaal op de site fan SDS of yn de Treffer!



# Fuotbalje tusken de greppels

It ferhaal fan Yme Zijlstra, ien fan de oprjochters fan SDS

Yme Zijlstra is ien fan de oprjochters fan SDS. Hjoed de dei wennet er tegearre mei syn vrou Easterein. Hy is 84 jier en kin him noch goed betinke hoe't dat doe gie.

## Oprjochtingsgemarkomste

"Ik fuotballe yn Hidaard, mar dat waard wat te lyts. Doe giene wy nei Hartwerd te fuotbaljen. Yn Easterein wie it stikje greide neist de Herfoarme Pastory in fuotbalfjildsje. Ik seach dêr efkes. It wiene allegearre bern dy't oan it baljen wiene. Ik haw op sokken mar efkes meidien. Al gau joegen de bern oan dat se wol in fuotbalferiening woene. Slachter Ten Dam wie ek fuotballer. Tegearre hawwe we wat fan dy oanplakdingen makke en ophongen yn it doarp. Op de poster stie dat we in oprjochtingsgemarkomste hiene yn it Kafé by Jelle Bergsma. No, sa gie dat dus. Nei dy gemarkomste hiene wy in fuotbalferiening. Der sieten foaral bern by. Der wienen in stik of seis grutten".

## Simmerdeis en winterdeis

It wie net maklik om in feriening yn stân te hâlden. 'Simmerdeis hiene wy in protte leden, mar winterdeis wie dat oars', sa fertelt de hear Zijlstra.

'Winterdeis woene se net mear betelje. Dan hiene we mar in stik of seis leden. Wy hawwe doe ris by de boargemaster west en wy mochten de âld skoalle wol brûke. Der wiene fansels gau ris ruten út. We hawwe der doe mar gaas foar set, dan wie dat ek wer oplost. Winterdeis follybalden we dan ek wol ris'.

## Fjild mei greppels

'En it fuotbalfjild wie ek na sa as it no is. It wie gewoan lân dêr't de greppels noch yn sieten. Dêr moasten je ek wol rekken mei hâlde. En de goals? Dêr hiene we in protte wark fan. De skiep moasten ek wer yn it lân, dat we moasten se alle kearen delsette en wer oprêde. In pear panlatten yn 'e grûn, mei in toutsje der tusken. Dat wie de goal. We fuotballen tsjin Nijlân, fia slachter Ten Dam tsjin Warkum, tsjin Aldegea-W. En we giene fansels Oeral op 'e fyts hinne! Moarns betiid fuort, fuotbalje, werom fytse en dan middeis wer werom.'

## Oare mannen fan it begin

De oare oprjochters wiene Jan Dekker (smid), Arjen van der Vliet, Durk ten Dam en Gerrit Vermeulen. Sûnder dizze mannen hiene wy dit jubileum wierskynlik net fierd!

(SH)



## Gjin jierdei



Witte jim wol wêr't ik in ferskuorrende hekel oan ha? In jierdei fiere op in dei dat je net jierdei binne. Dat fyn ik neat. At je bygelyks op 10 augustus berne binne dan fiere je de jierdei ek op dy dei. Ik haw jierren lyn op Skrok ek in feroardering ynsteld dat jierdeis op de dei fierd wurde en oars mar hielendal net. Ik kin jim sizze dat soks prima befalt. Der is mar in inkele ûnnoazele goes (Gatze) dy't syn jierdei dus nea fierd omdat hij tinkt dat er dan net in jier âlder wurdt. Sa hawwe wij hjir it hiele jier troch feestjes: op moandei oant en mei snein en fan jannewaris oant en mei desimber.

It sil yn earne yn desimber 1998 west hawwe doe't ik mij sels oanbea om regelmjittich in stikje te skriuwen foar de Treffer om sa it nivo nei in akseptabel nivo te tillen en wat tsjinwicht te bieden aan de eardere stikje skriuwer Bolke en om Skrok op de kaart te setten. Dat ik mij dêrmei sels ek profilear, is moai meinommen fansels.

Ien fan myn carste dingen dy't ik noch yn 1998 die, wie de datum 10 augustus notearge yn myn bûsboekje fan 2007. Want ik wie der al gau efter dat ik in geweldich jubileum fan 1997 mist hie en dat soe mij net wer oerkomme.

10 augustus 2007: SDS 60 jier: feest yn Easterein.

Myn ferbazing, doe't ik der efter kaam dat er 10 augustus 2007 de jierdei fan SDS net fierd wurde soe, sloech al hiel gau oer yn ferbjustering.

Nei dat proses kaam ik yn de ûntkenningsfaze: dit wie net wier!. Dit moast in fersin wêze fan dy Trefferredaksje!. Hjir hawwe se allegear oer hinne lêzen. Ik gie op ûndersyk út en kaam telâne bij in oantal minsken dy't de jierdeiskommisje wêze soene: Earst befêstige Popko it feit sùnder in kaam te krijen, doe befêstige Meinte it sùnder mei syn eagen te knipperjen, doe knikte Dukke allinne mar sùnder mij oan te sjen en ta beslút joech Akke it ta mei in bliere laits op har gesicht.

Ik haw der goed oer neitocht at ik de oandroegen arguminten om de jierdei fan SDS net op 10 augustus te hâlden hjir wol melde sil, want it is te beskamsum foar wurden en feitlik wol ik der gjin papier oan ferknoeie. Mar jim hawwe rjocht op de wierheid ek al hat dy in skerp lûd.

Dit binne de arguminten:

- 10 augustus falt midden yn de fakânsje
- 10 augustus is twa dagen nei de Freule en 2 dagen feest yn Wommels (in trochtinker) en dêrnei twa dagen feest yn Easterein soe te folle fan it goeie wêze
- It fjild is net beskikber troch it keatsen
- Der mei fan 1 juny oant 18 augustus net fuotballe wurde op de fuotbalfjilden



yn Easterein

- De foarsitter wie op fakânsje
- De kantine is letter yn de moanne iets minder noch net klear
- De feteranen kinne dan lekker net nei harren favorite toernoai op Skylge

Jim snappe wol dat ik hjir net mei libje koe.

En sa't it minsken ek giet, komme fügels dêrnei ek yn de roufase: ik wie hielendal mei mij sels oan: ik siet mar wat op myn nêst te nukken en kaam amper fan de eker. It duorre hiel lang foar't ik dêr út wie en doe't ik er ien kear út wie, siet ik wer yn de üntkenningsfase. It wie krekt as mei in tongerbui dy't net oer it wetter hinne komme koe. Ik sit noch altiten yn dy üntkenningsfaze en sil fanút dat perspektyf dit stikje aanleverje moatte bij de redaksje.

In stikje dat geant moast oer in jierdei op 10 augustus. Mar it is dus in stikje oer in jierdei dy't net fierd wurdt. Ik hie prinsipieel wêze moatte en tsjin de redaksje sizze: ik leverje neat yn, want der wurdt dit jier neat fierd. Mar ja, ik woe se ek net sitte litte mei in pear lege siden.

SDS bestiet dus 60 jier en dat fiere wij dus net. Der is ek gjin inkele reden ta. Want sa goed giet it no ek wer net mei de klup.

10 jier lyn stie der noch op it jubileumboek "SDS 50 jier yn swart wyt". No dat kinne je fan de lêste tsien jier net sizze. Alle kleuren fan de reinbôge en noch folle mear kleuren spylje de lêste tsien jier in rol.

Nim allinne mar de sjurtsjes: fan grutte hichte sjogge wij as fügels amper mear dat er wyt yn sit. Kleurige figueren en rapperige teksten, strepen en stjerren it lykje betiden de flaggen wol fan Podzeristan.

Fierders begjint it grien op en om it fuotbalfjild wat te oerhearskjen. Dan bedoel ik net it gers op it trainingsfjild.

Yn it ferline wiene der ek mear swart wyt figueren: It polder model hat ek binnen SDS syn plak fûn en ik haw it idee dat it dêr troch wat mear grize mûzen lykje tjsintwurdich.

Wij kinne dochs net fiere dat SDS in klup is súnder kantine. Of in klup mei in skoareboerd wêr't in ôfstansbestjinning bij sit, mei 48 minuten batterij tiid?

Wat is der feitlik te fiereren? Ik soe it net witte.

Miskien moatte je wol sizze dat it in feessie wurdich is dat der ien klup is yn dit greidegebiet, dy't iepen stiet foar alle doarpen. Dat it bygelyks al 60 jier goed giet tusken de Wommelsers en Eastereinders. Fan in eardere lapkekeapman út Wommels, dy't letter preke mei de keatsbal yn de bûse (in fuotbal wie te grut) ha wij fernommen dat er yn it ferline mear fochten waard dan fuotballe.



Miskien moatte wij dat wol fiere. Mar soe it dan net better wêze dat wij 10 augustus earst de jierdei fiere, súnder fuotbal (oars moatte alle SDS leden der mar om keatsen, want dat mei op 10 augustus wol op de fuotbalfjilden). En at wij dat feessie dan hân hawwe dan kin der op 24 augustus altyd noch fuotballe wurde tusken de twa grutste doarpen Wommels en Easterein. Ik moat jim wol sizze: ik bin hjir poer op tsjin. Mei Piter de Protter haw ik it der noch efkes hân oer in aksjekomitee, binne ek noch efkes bij de gemeente west mar dat holp net fierder. Dêr sochten se spikers op Heeg wetter en dêrtroch kriegen wij lêst fan Waterlanders.

Dit komt fansels net goed. 60 jier lang binne de Eastereinders sa goed west om de Wommelsers op te stellen en 60 jier lang binne de Wommelsers sa goed west om Easterein as fuotbaldoarp op de kaart te setten.

En dan troch twa doelpunten fan Hendrik de Jong, hikke en tein yn Easterein mar no noslik wenjend yn it Bosk yn Wommels, wurdt de hiele boel yn únstjoer brocht op 24 augustus. Wommels wint mei 2-0 en dy skiedsrouwster mei dy keale kop út Italie kin de wedstryd oamper oan. Nei ôfrin is der gjin tredde helte, mar wurde de Wommelsers ferjaaid.

It wurdt sa slim dat sneon 25 augustus der gjin toernooai is foar jeugd en senioaren, mar dat de Eastereinder mei stokken op wei gean nei Wommels om dy Wommelsers in oar leske te learen. Earne bij de reed fan fan Ruten en ôfslach nei Skrok wurde se opfongen troch de yn sâns hasten optrommele

Wommelsers en der úntstiet in grut slachfjild. Fan de beammen aan de kant fan de dyk blywt neat oer, alles wurdt er ôfbrutsen om it mar te brûken as slachwapen. Soarchsintrum Nijstapert wurdt ynrjochte as krisissintrum en de ME pakt 70 Eastereinders en 120 Wommelsers op. De sneons der op wurdt er net fuotballe want der binne gjin ledien beskikber en SDS wurdt út de kompetysje helle, it fjild yn Easterein wurdt no echt in keatsfjild en it trainingsfjild wurdt ynrjochte mei 13 jeu de boule banen.

Tja dat krije je at je de jierdei útstelle en sokke oerdwealske wedstriden organisearre.

Sibe

#### SDS'ers(9)

Yn 2004 doch SDS foar de safolste kear mei oan de Midwintercup. De sealfuotballers geane mei syn allen yn de taksi nei it FEC yn Ljouwert. Al komme je net safier, it is faaks al tige geselich yn it FEC en dan hoecht der net ien te ride. Tsjipke Okkema sjocht sa 'n lange dei net hielendal sitten en freget krekt foar oankomst by it FEC; "wolle jim dan oan 't en mei de finale yn it FEC blywe??" Úteinlik soarge Tsjipke der mei foar dat it in hiele lange dei waard. SDS moast sels opdrafe yn de finale en gie úteinlik mei de beker nei hûs.....



## Hoe tinke oaren eins oer SDS?

Foar dizze jubileumtreffer woe ik ris wat oars dwaan. Meastentiids geane de artikels yn in jubileumboek fan SDS oer SDS fansels en krije je de ynformaasje fan SDS'ers of âld-SDS'ers. Nea kom je der efter hoe 't oare klups no eins tsjin SDS oansjogge. Fine sy ek dat de kantine aan fernijing ta is of kin it noch wol in skoftke sa? Binne wy wol altiten like freonlik tsjin ús tsjinstanner? En tsjin de skiedsrjochter? Is SDS wier better as sy nei it tsjerke ta fuotbalje? Wat fine tsjinstanners eins de meast oansprekkende SDS'er(s)?



### Net folle yndruk makke

Genôch fragen dus om antwurden op te sykjen. Wa skriuwe je dan alle gear oan? Fansels de ploegen yn de buert lykas Bolswardia, Nijland, Mulier, Waterpoort Boys, mar ek ploegen dy 't wol gauris by SDS yn de kompetysje sitten hawwe lykas b.f. Makkum, Oeverzwaluwen, Balk, Zeerobben, QVC, Blauw-Wit '34, Broekster Boys, ONT en Buitenpost. Ek fansels inkeld 1e-Klassers wêrt SDS 1 ien seizoen tsjin fuotballe hat. De earste konklûsje koe ik al gau lûke. SDS hat net folle yndruk makke yn de 1e-Klasse. Gjin inkeld fertsjinwurdiger fan in 1e-Klasser koe(of woc) ús iets fertelle oer wat sy fan SDS fine.

### Moaie anekdoates

Lokkich genôch wie de respons by de oare klups wat grutter. By sommige klups(u.o. WPB) wienen sy sels sa enthousiast dat wy binnen in dei al antwurd hienen. Inkelden kamen mei prachtige anekdoates:

*"Kan mij nog goed herinneren dat op een paasmaandag enkele kleine kinderen van jullie bij een wedstrijd SDS-Anjum aan mij vroegen hoe het in het dorp van Hotse Hiddes was. Meester had ze net van te voren die week verteld over deze boeken die zich afspeelden bij De Skans en Anjum. Meester gebruikte dus voetbal om geschiedenis te introduceren, praktijk en theorie werden toen bij jullie al samen gebracht".*

Andries Westra(yn de 80er jierren spiler fan Anjum 1 en no foarsitter fan Broekster Boys)

*"Seizoen 2006/2007. Wedstrijd SDS-Buitenpost. Heenweg richting tegenstander ging onze bus kapot. SDS gebeld welke zou proberen ons met auto's op te halen maar intussen was de bus weer "fit" dus hoefted het niet meer. Daarna bleek de wedstrijd iets*

i der eems

Oldenburger Automatisering  
Computers - Software - Kassasystemen  
Sonne 1 dorpsstraat 101-103

Friesland

*later te beginnen vanwege het uitlopen van de wedstrijd ervoor (SDS 2) Tijdens de wedstrijd werd het spel stil gelegd vanwege onweer.*

*Vanwege een scheidsrechtersuitwisselingsprogramma (3x woordwaarde) hadden we een donker gekleurde scheids uit Amsterdam. De man had al een complete wereldreis achter de rug. 's Morgenvroeg om 08:00 per bus naar CS Amsterdam, trein naar Leeuwarden-per bus naar Wommels-te voet naar Oosterend. De goede man floot een prima wedstrijd en is op de terugreis door supporters van VV Buitenpost meegenomen naar station Leeuwarden. Ik schat dat de man ongeveer een uur of 10 thuis was dus al met al 14 uur "yn't spier" om een wedstrijd te fluiten. Een echte liefhebber dus. We verloren wel de wedstrijd maar wat een zaterdag met hindernissen!"*

Riemer Riemersma (leider/fersoarger vv Buitenpost, dêrfoar jierren spiler fan Buitenpost 1)

Blauw-Witter yn hert en nieren Henk Buning wie yn de jierren 80 trainer by SDS. Dit wie syn moaiste anekdoate:

*"Een wedstrijd tegen Heerenveense Boys in, denk ik, het seizoen 1984-1985. Ik was trainer en mijn zwager uit Noord Holland bezocht deze wedstrijd. Hij heeft het er nog over. Mijn zwager is een hele beste vent maar hij hockeide en deed aan tennis. Toen hij bij SDS kwam wist hij niet wat hij meemaakte. In de rust kocht hij een flesje fris. Dit kwam niet uit een koelkast maar werd koud gehouden in een emmer met water. Dit was hij bij de hockeyclub en op het tennispark niet gewend. Maar het vreemdste maakte hij mee vlak voor de wedstrijd. Hij had een programmablad gekocht bij, ik meen, Ypma. Deze had blijkbaar gezien dat hij het had gelezen. Ypma kwam dan ook bij hem met de vraag of hij het programmablad weer in wilde leveren. Ypma was nl. uitverkocht en hij kon nog wel wat blaadjes kwijt! Geheel verbouwereerd heeft mijn zwager het programmablad teruggegeven en Ypma verkocht hetzelfde blad nog een keer..."*

Sa 'n 5 jier lyn siet SDS eindliks wer ris by Nijland yn de kompetysje. Eindliks wer ris in "echte" derby. Der waard wiken fan te foaren al oer dizze wedstryd praten.

Sneontemoarns op it fuotbalfjild oankommen yn Easterein like it mear de thûshaven fan Nijland dan dat fan SDS. Alles wie blau mei wyt.....

*"De jûn foar de wedstrijd hienen we ôfpraat om in oer as 10. Donkere klean oan, tape yn de bûse, en neffens my in soart fan spuitbus. Mei 4 folwoeksens man, yn de auto nei Easterein. Yn in daam fier fan it fjild de auto delsetten, moetse op en richting de Skoalleseize. Troch de strûken fansels. Pisje en poepe fansels, fan de semuwen. We fjilden us wiere ynbrekkers. It jlild op, blau-wite tape om de pealen fan de goals plakke en ien of d'oare tekst d'r by setten, neffens my. Yn elts gefal gjin skade as*



bliuwende feroarings. Plat op it fjild doe't we minsken út de sporthal kommen seagen.. Yn tigerslúp werom nei de boskjes, yn de auto en wer nei Nylân. Utslach my fansels ûnbekend. De streek stelde fansels ek noch neat foar, mar wy hiene wille foar 10. Noch efkes neiprate yn it kafé fan Nylân en wy sille dit nooit mear ferjitten,"  
Ate Feike de Boer (jierrren spiler by Nijland 1 en no Wommelser)

### Bepalende spilers

De iene spiler makket mear yndruk dan de oare. De iene spiler sil bekend stean om syn fuotballende kwaliteiten en oaren mear om harren úterlik. Hjir inkeldie antwurden dy 't wy kriegen op ús fraach welke SDS'er harren it meast bybleaun wie:

"Een keeper van het 2e destijs die Ronald Waterreus heet" (=Marco Reijnhoudt,red.)  
Wilco Spoelman (webbeheerde Oeverzwaluwen)

"Jappie Wijnia, dat was altijd de goaltjesdief van SDS, hij scoorde altijd en overal, maar hij heeft nooit in een officiële wedstrijd een goal gemaakt tegen WPB".

Eelke Dotinga (Waterpoort Boys)

"Ik bewaar eigenlijk aan alle spelers uit die tijd goede herinneringen. Altijd een goede verstandhouding gehad en nog steeds goede contacten bij de jaarlijkse Freule. Namen te noemen is moeilijk voor mij. Maar dan één: Wouter Hylkema was echt een fantastische voetballer. Deze jongen kon alles, aanvallen, spel verdelen, verdedigen, scoren etc. En dan ook nog eens een fantastische instelling. Er werd in die jaren slecht gescout, vandaag de dag had hij betaald voetbal gehaald. Met Klaas Okkema was ook niets mis trouwens, maar nu stop ik ermee want dan ga ik ze toch allemaal noemen".

Henk Buning

"De rechts achter van jullie die dan mee opkwam en de voorzet gaf, lekker fanatiek, maar ik kon goed met hem, jammer dat hij er mee opgehouden is (Wichard Deinum, red.).

Floris altijd volledige inzet, echt een karaktervolle speler, hard maar eerlijk. Dan jullie spelverdeler in die tijd, had ik ook een goed contact mee, jammer dat hij zo geblesseerd is geraakt dat hij moet stoppen met voetballen (Gert-Jan Hiemstra, red.). De coaches die jullie hadden waren in mijn ogen heel aardige mensen, waar ik als scheidsrechter veel respect voor had en ook goed mee kon opscheien"

Jaap Kraak (skiedsrjochter út Åldegea dy 't SDS wol gauris floten hat)

"Ik voetbal al jaren tegen Floris Hiemstra & Robert Sybesma. Leuk dat die het ook zo lang volhouden. Verder die vervelende (positief bedoeld) Jappie Wijnia, die altijd tegen ons scoorde met de kop!"

Wietze Klaver (ONT)



## **Positief oan SDS**

Wy as SDS'ers kinne fansels mear as genôch positive punten betinke by SDS, mar hoe liket dat mei de bûtensteanders. Der is "ien" ding wat eins yn alle enquêtes wol weromkomt. "de vertrouwde, gemoedelike sfeer bij SDS", "niet te veel kapstones, gewoon "ballen" en "het motto: doe maar gewoon dan doe je al gek genoeg". De webside fan SDS wurdt ek troch oare ferienings tige wurdeare. Yn hast alle enquêtes wurdt de webside wol neamd. It wurd ek tige op priis steld dat alles by SDS sa "Frysk" is:

*De gemoedelike sfeer, het motto: doe maar gewoon dan doe je al gek genoeg.  
En natuurlijk het friestalige, zelfs het vorige jubileumboek, heeft iets speciaals. Houden zo.*

Lennard Damsma(Be Quick Dokkum)

*De vertrouwde gemoedelijke sfeer. Doe maar gewoon! Als ik er nu kom is er qua sfeer t.o.v. de jaren 80 eigenlijk niets veranderd. En een fantastisch chauvinisme over SDS, Friesland, Friese taal etc.*

Henk Buning(Blauw-Wit '34)

## **Negatyf oan SDS**

Oer ien negatyf punt hoege bûtensteanders blykber net lang nei te tinken. Unaniem wurdt neamd de akkomodaasje:

*"Niet bepaald negatief, maar de accommodatie is wat armzalig. Daar kan verbetering in aangebracht worden, maar dat heeft met geld te maken natuurlijk".*

Lennard Damsma(Be Quick Dokkum)

*"Ik vond het enige negatieve altijd de kantine, maar hier wordt inmiddels ook druk aan gewerkt".*

Remco Hiemstra(De Wâlde)

*"Negatief aan SDS: vond ik altijd de uitstraling van het clubgebouw. Ik ben er een tijdje niet geweest en weet dus niet of het inmiddels aangepast is".*

Tsjitske Altena(âld-sekretaresse vv Makkum)

*"De accommodatie is niet zo geweldig, maar aan de andere kant heeft dat ook wel wat: er niet zo gelikt uitzien".*

Wilco Spoelman (webbeheerde Oeverzwaluwen)

As de nije "kantine" stiet ferwachtsje wy dus gjin negative punten mear oer SDS.

Neffens ús is dit probleemke ynmiddels ek ferholpen:

*"Het scheidsrechter hokje vindt ik eigenlijk maar niets, met dat gordijn voor de deuren, het vocht dat niet weg kan, dus de deur een klein beetje open".*

Skiedsrijochter Jaap Kraak.



## Oars noch wat

Ek kriegen wy fierder noch wat oare aardige dinkjes binnen:

*"Als speler van Anjum 1 hebben we in toen in de derde klas (80-er jaren) meerdere kerken veel strijd met SDS geleverd. Jullie stonden en staan bekend als een stugge ploeg, lange en kopsterke spelers met snelle voorwaartsen. Thuis moeilijk te kloppen. Nu als voorzitter van Broekster Boys herken ik nog veel van deze dingen bij jullie".*

Andries Westra(Brockster Boys)

*"De associatie met SDS is tweeërlei. In de eerste plaats ben ik vijf jaar trainer geweest van SDS (1982-1987). In de tweede plaats is SDS in de laatste decennia een geliefde tegenstander van Blauw Wit, zowel in oefen als competitiewedstrijden. De band tussen SDS en Blauw Wit is altijd goed geweest. Dat begon al in 1984 toen BW een nieuwe kantine kreeg. SDS kreeg toen, vergeef me de omschrijving, de oude keet. Met een kachel die meer warmte gaf dan twee sauna's tegelijk. Door mijn bemiddeling is toen een gedeelte van het oude meubilair van BW -gratis- naar SDS gegaan. Ik weet nog dat Enno Bruinsma het spul heeft opgehaald. Ook de beslissingswedstrijden die SDS graag bij BW heeft gespeeld geven de goede verstandhouding aan".*

Henk Buning(Blauw-Wit '34)

*"Het contact na de wedstrijden (uitslagen verzamelen van de diverse teams) met Dukke van der Weij was altijd heel plezierig!"*

Tsjeitske Altena(Makkum)

*"Volgens mij hebben we wel een goede band met hen, dus ik zou zeggen kom eens langs op ons Senioren toernooi, als de mogelijkheid zich voordeet".*

Wietze Klaver(ONT)

*"Leuke website met de nodige humor!"*

Riemer Riemersma(vv Buitenpost)

*"SDS is een gemoedelijke vereniging, waarbinnen naast presteren ook de derde helft belangrijk is en dat mis ik bij veel verenigingen tegenwoordig."*

Eelke Dotinga(WPB)

## Konklusje

It mei dûdlik wêze dat der mei de útstrieling fan SDS nei oare klups neat mis is. Alle minsken dy 't meidien hawwe aan ús enquête binne posityf. No 't de nije "kantine" hast klear is, sil de útstrieling fan SDS allinnich mar better wurde. Sa trochgean dus!!! (WW)



## S.D.S. - Oudega W.

Yn it seizoen '76/'77 spile S.D.S. in thûswedstriid yn de 4<sup>e</sup> klasse K tsjin Aldegea W. We stiene der dit seizoen net al te bêst foar. It wie in wichtige wedstriid yn de tûnderst. De wike derfoa regioanen. Der waard noch al wûn fan Oeverzwaluwen mei mar leafst 5-0. It wie net in heechsteande wedstriid, mar koest wol sjen dat it earne om gie; der wie in grutte ynset en de fonken spatten der ôf. Dat fansels ûnder it each fan in protte supporters.

De wedstriid begûn om 14.30 oere en al rillegau krige S.D.S. in doelpunt om de earen. Troch de altyd betrouwbere Ynze Jorritsma waard yn de 1<sup>e</sup> minút in ferkeard ynskatten, wêrtroch de 0-1 foel. S.D.S. kaam der noch in kear goed foar wei doe't Pier Zijlstra de bal tebek keihurd op de latte fan it eigen doel skeat.

De lykmakker kaam fan de foet fan Durk Ypma, Pieter de Jong skeat de frije traap hurd yn, wêrtroch Okke van de Kamp de bal losliet en Durk Ypma de bal rêtstich ynsjtte koe. Na noch in stikmannich kânsen fan ûnder oaren Jan van Asselt bleau de 1-1 rêtstân stean.

Yn de twadde helte spilen beide ploegen foar de winst en gienen se fol op yn de oanfal. Troch in flater yn de ferdigening fan Aldegea kaam S.D.S. lokkich op foarsprong. Efkes dérnei kaam Aldegea wer gelyk; in oanfal dy't goed opsetten wie waard mei behearsking ôfsmakke.

De wedstriid waard hieltyd grimmiger en der waard op it alderskerpst spile. Guon spilers kamen yn it boekje fan de skiedsrochter. Troch in skitterjend doelpunt waard it 3-2. In kombinaasje tusken Kees Havinga en Klaas Okkema waard troch de lêste prachtig ôfrûne. In pear tellen letter sette Pieter de Jong Jan van Asselt vrij foar it doel, wêrmei't hy ûnbehindere ynsjtte koe. It waard noch moaier; troch in frije traap fan oanfieder Tinus Hoekstra waard it 5-2 en de striid wie dien. Nei dizze oerwinning bleau it noch lang unrêtstich yn Kafé Bergsma. Klaas Okkema

### SDS'ers(10)

Timen en Hjalmar binne yn Kûbaard/Wommels e.o.ek wol bekend as Sjors en Sjimmie. Se binne faak tegearre en spylje ek nochris beide yn de foarhoede fan SDS 6. Foarich seizoen moasten sy mei it sechsde oantrede tsjin VVI. De wedstriid wie net echt om oer nei hûs te skriuwen, mar de neisit wie bêst genôch. Net tsjinstande it rissultaat waard der in protte lake. Hielendal doe't Timen fertelde dat hy no ek al troch de mannen út Idskenhuizen mei Sjors (fan Sjimmie) oansprutsen waard....



## Útslach poll “grutste sukses fan SDS”!

Op ús website skreaunen wy begin juny in poll út mei de fraach wat troch SDS'ers sjoen wurdt as hichtepunt yn de klupschiednis. Hjir de útslach:

Wat is it grutste sukses fan SDS ea west?

	#	%
Winnen fan de beker troch de 35+ yn '95	6	5%
Promoasje fan de FVB nei de KNVB yn '90-'91	10	8%
Promoasje nei de 1e klasse troch SDS 1 yn '04-'05	73	62%
Winnen fan de Midwintercup yn 2004	31	26%
Wat oars(mail nei info@w-sds.nl)	1	0%

116

De promoasje nei de 1<sup>e</sup>-Klasse wurdt dus sjoen as grutste sukses ea troch de “ynternetgeneraasje”. Understeande reaksjes kriegen wy noch op ús fraach wat oars noch sjoen wurde kin as SDS’ grutste sukses:

\*SDS, 60 jier nei oprjochting stiet der een stabiele klup, dy sawol by de jeugd as by de senioren takomst hat. Een klup dy't rûnom yn Fryslan (en ek der bûten) bekend is en der ek een protte respekt hat. Yn kombinaasje mei it tige goede ûnderhâld fan de fjilden en straks it nije ferieningsgebou is SDS een klup wer alle leden, vrijwilligers en oare betrokkenen tige grutsk op wûze kinne.

Dat fyn ik een hichtepunt.

Sipke Hiemstra

\*Omdat miskien in bytsje minsken dit ferjitten binne: utnoeging Attie Zijlstra voorselectie Oranje.

Freddie Scheltema

\*Sukses foar SDS. Ik tink dan ek oan it jubileumfeest. In skitterend feest wat wy meielkoar makke en slagje litten ha. Foaral dat meielkoar, dat wie TOP. En dêrom is dat myn sukses mei SDS.

Hinke A. Kuiper



## Wat hat de 60 jier oerlibbe?

Yn dizze jubileumtreffer steane in oantal moaie ferhalen oer 60 jier SDS. It giet yn dy ferhalen om it fuotbaljen, de fuotballers en de fuotbalsters. Der wurde prachtige herinneringen ophelle en der wurdt wer praten oer wedstriden, spilers en mominten. Ik tink dat jim dy ferhalen allegeaar mei nocht lêze.

Bij it ferdien fan de ûnderwerpen, dy't wij as redaksje skriuwe woennen foar dizze Treffer, bleau der ien ûnderwerp oer: alle saken dy't net mei spilers en fuotbal te meitsjen hawwe. In ferhaal oer de omballingen.

In ferhaal dus oer deade dingen. Ik koe net efkes de tillefoan gripe om in âld doel te benaderen om mij wat moaie ferhalen út de doeken te dwaan. Om dat doel te freegjen wat hij fieldt at er wer sa'n hurde knal op syn latte of tsjin syn peal oansketten waard.

Wat soe ik noch graach in bal tsjin sa'n moaie houten peal spatten heare wolle. Mar eilaas, ik hear izer. Boppedat begûn it 1947 allegeaar mei twa panlatten en in toutsje. En dy sille der wol net mear wêze.

En wylst ik dit skriuw, realisearje ik mij dat it net tafalle sil binnen SDS in dea ding wat de tosktiid trochstien hat fan 60 jier SDS.

Nee, it binne seker net de mei reclame optûgde sjurts, wêr't ik elkenien no yn rinnen en draven sjoch. Sjurts mei de namme fan in sponser der op omdat de klup dêr net mear súnder kin. En dat wie earder al oars. De keale wite sjurts wiene carst keal mar waarden letter opsierd mei in logo dat je mei drukknoopkes of spjelden op it boarst fêstmeitsje moasten. Dat wie in hiel geseur, want de logo's koene net mei yn de wite wask en it barde dan regelmjittich dat snecons it sjurt net kompleet wie.

### SDS'ers(11)

It wie op in simmerjûn yn Wommels wêr 't de meast fanatike fuotballers fan Wommels e.o. in baltsje trapen. It fjild wie in stik lytser trochdat it fjild foar de helte bouryp makke waard. Dit betekene dat ien helte net bespylber wie troch it driuwsân wat hjir lei. Grutte hekken stienen hjir om hinne en grutte boarden mei warskôgings om mar net op dit part fan it fjild te kommen. Gjin probleem fansels oan't Eeltsje Postma de bal ferkeard rekke en de bal fan it driuwsân helje moast. It seach der neffens Eeltsje net gefaarlik út en hy weachde it derop. Hy klom oer it hek en gie it driuwsân op. De bal hie hy al gau te pakken. De oare fuotballers leinen ynmiddels op it fjild te rollebaljen fan it laitsjen. Eeltsje sakke oan 't syn lizen yn it driuwsân en moast der mei 5 man úttrokken wurde.



Yn maart 1977 waard it oars sa lêze wij yn in âlde Treffer: *SDS sjirt*:

*Het nieuwe SDS sjurt is er. Het embleem is er in voorbedrukt. Het is de bedoeling dat iedereen het sjurt aanschaft. Geen gezeur meer met drukknoopjes, veiligheidsspelden en losse steekjes.*

Myn speurtocht nei sjurts kin ik dus wol ferjitten,

Nee, it binne ek net de broekjes dy eartiids flink langer wiene as no. Nee, ik tink net dat er noch in broekje fan 1947 yn funksje is. Hoewol se tsjintwurdich mei de strakke slidingsbroeken wol hast wer like lange broeken drage.

Nee, ik tink ek net dat it de teetsjettel is. Yn 1975 waard de volgende oprop dien yn de Treffer: *Gevraagd voor SDS: Grote ketel(s) om thee in te zetten.*

In tsjettel giet gie dus ek net langer as 30 jier mei en ik tink sels dat de tsjintwurdige tsjettels der mei 10 jier al de brui aan jouwe.

Dan marris nei de ballen sjen. No dêr hoech ik net lang oer nei te tinken. It soe fansels geweldich wêze at er noch in bal út de jierren fjirtich/fiiftich wie, wêrym je mei ferbazing konstatearje moatte hoe't it mooglik wie om dêr goed mei te fuotbaljen. De útstekels fan de fiters dy't brûkt waarden om de bal byelkoar te hâlden en it opnimmen fan in protte wetter makken de bal soms aardich swier en joech betiden littekens op de kop at je de bal op it ferkearde plak kopten.

Nee ballen út dy tiid binne der seker net mear bij SDS en ik freegje mij sels of at er noch wol ballen fan 10 jier lyn binne.

In fluitsje út 1947? Nee, dêr hoech ik net iens nei om te sjen. Hoewol der leine lëst fluitsjes yn it sekretariaat, wêrfan de kleur wol hiel brún wie fan de rust.

It wol mij net oan dat dy fluiten 60 jier âld binne. Ik tink earder dat de flibe fan ús geachte fluiters hiel fluch omsetten wurdt yn rust en dat se noch mar 5 jier âld binne. Ien fan de túnklauder miskien? Soe dy noch earne yn it hok stean want yn 1973 stie dit yn de Treffer:

*It trainingsfild fan SDS is koartlyn egalisearre. Earst is it mei túnklauders losharke en dérnei hat in wals alles yn de wenstige steat brocht. SDS sil it terreintsje yn it simmer tiidrek ferhiere aan de op te rjochten tennisklup.*

SDS hat de lëste jierren safolle dien aan de trainingsfilden, mar ik haw net sjoen dat der túnklauders bij brûkt binne. Túnklauders dêr haw ik ek neat mei. Want raar genôch sjoch ik dan yn myn ferfelende dreamen op sneontemiddei in fuotballer dy't him foar tongersdeitejûn ôfmeld hie, yn de tún stean, wylst syn ploechgenoaten in earste twadde en tredde helte belibje.

It is neffens mij wol dûdlik, in túnklauder fan 1947 is der ek net mear.



Dan sjoch ik it draaiend rēd stean. Soe dat miskien fan 1946 wēze. Soe dy der altiten west hawwe. Ik sjoch yn it jubileumboek fan 1997 en sjoch dēr stean:

*"Yme Zijlstra waard de earste foarsitter. Hij wit noch best, dat it begin net sa maklik wie. It wie flak nei de oarloch. Der wie net folle jild. Leden waarden soms yn de wintermoanne tydlik lid ôf. Dat skeelde wer in pear kwartsjes. Mei Sinterklaas organisearden wij in ferlotting mei draaiend rēd en sa."*

Sokke berjochten jouwe wij hoop. Haw ik it dan einliks fūn? Dochs begin ik wat te twifelen. Sa'n moai draaiend rēd wat wij hawwe, dat kin dochs net 60 jier âld wēze? Ek no wurdt myn hope al gau de grûn yn board. Dit draaiend rēd is makke troch Bauke Couperus en is noch net iens de helte fan de 60 jier âld. Dit wie dus in dea spoar.

No dan it ynformaasje hokje, dat is der nei myn betinken ek al hiel lang. Yn Wommels wat koarter as yn Easterein mar it soe kinne dat dit al in 60 jierrich gebrûk wie.

"nee" is it antwurd op dy fraach. Spilers krigen yn it begin in útnoeging fia in briefkaart at se wol of net bij de seleksje sieten. Neat gjin briefke yn in hokje en seker gjin berjocht op de webside.

Nee, dat hokje is ek net âld genôch.

Ik begin it no dôchs wat Spaansk benaud te krijen. Der moat dôchs iets wēze wat er 60 jier lyn ek al wie.

De Treffers is ek noch mar 38 jier âld, dus ek dy hat de 60 jier noch lang net helle. Dan marris sjen nei de skuon. Skuon yn 1947 mei dy hege stielhurde noazen, dy sil der ek fêst net mear wēze. Hoewol ik mij wol foarstellie kin dat dy dingen moai wat langer mei gyngen as no. De frachtweinen fol sân dy't no nedich binne om it fjild goed te hâlden soargje der yn alle gefallen foar dat de skuon fan no in jier mei geane.

Nee, fuotbalskuon fan 1947 dy sil ik net fine kinne. En ek net mear de klompen oflearzens fan dy tiid, dy't sommige fuotballers doe aan hienen.

En bij de boks hoech ik ek net te sjen, want de boks wie der pas yn 1966, dêrfoar waard ferwachte dat je je thús ferklaaiden. En wylst ik dit skriuw sjoch ik yn myn tinzen Eddy de Boer oankommen. Hij stiet model foar dy tiid. Want hij ferklaaid him thús, hij giet thús yn de tobbe en hij soe dus feitlik kontribûsje koarting haw moatte, mar goed ik dwaal ôf.


Ik bin noch altiten op syk nei iets wat er yn de beginjierren wie en no ek noch.

Kom ik dan dôchs út bij de medalje kast. Soe dêr dan echt neat oars wēze as sa'n blikje wêr't ik persoanlik hielendal neat mei ha?

De medaljes binne gelokkich efkes oprêden en ik gean der fanút dat in âld izer man út Snits al dat djoere blik meinommen hat.



De kalkamer miskien? Nee, dat kin ik wol ferjitten.  
In totoformulier? Dy hat Henk Boersma ek net mear  
It gastel fan Boersma, wêr't hij de tee op sette? Nee, der binne al te folle  
rommelmerken west.  
Miskien moat ik myn hege ambysje wat bystelle en moat ik op syk gean nei dingen  
dy't wat minder âld binne.  
Bygelyks hoe soe it wêze mei it "wandschemerklampje" dat doelman Willem Agema  
krige doe't hij yn 1961 troude. Sa dat er noch wêze of is dat ek al op in rommelmerk  
yn Mantgum ferkocht oan in flechteling út Afganistan.  
En soe de wynbuks der ek noch wêze dy't yn 1951 hierd waard wierskynlik om  
protters te ferjaaien. Doe wie der dus in oare Stoffel. Of moat ik op syk gean nei wa't  
dat wie.  
En wat te sizzen fan de diasearje dy't Dr. K.I. Engelsma fersoarget yn 1962 oer syn  
wrâldreis. De opbringst fan dy jûn gie nei de kas fan SDS, want SDS hie it doe dreech.  
Soene dy dia's der noch wêze?  
Of it ferslach fan de wedstryd fan de middenstanders fan Wommels en Easterein yn it  
seizoen 1962 en 1963. Is it doe miskien út de klauwen rûn?  
Alles is feroare. Ik kin wol stopje mei myn syktocht. Der is neat wat 60 jier meigien is.  
Of toch. Bin ik sels net de grutske besitter fan twa pear prachtige sokken, dy't út de  
begjintiid komme. Wurd ik net altiten oansprutsen troch oare leden fan SDS at se nei  
myn sokken sjogge. Do rinst der suterich bij, sižze se dan.  
Haw ik dan sels net in attribuut yn de hûs wat al sûnt it begin fan it bestean fan SDS  
brûkt waard.



Samar ynienen fiel ik mij ryk. Tegearre  
mei Ype Burggraaff en Jelle de Boer bin  
ik de besitter fan wat moais út de  
begjinjierren. Net dat wij al sa lang by  
SDS fuotbalje, mar at se earst in jier as  
30 bij Bergstra, manufacturen yn de  
winkel lein haw (dy ferkocht it SDS  
tenue), dan kin it net misse. Sokken fan  
om en nabij 1947. Mei wol wat  
kleurferskil.

Aant



### **SDS'ers(12)**

It wie op sneon 8 april 2006. SDS 3 moast fuotbalje yn Meppel. Doe 't sy omklaaid en wol klearstien om de warming-up te dwaan waarden sy freonlik fersocht om dit op it haadfjild te dwaan mar op it trainingsfjild. Der waard net by sein wêr 't je dan lâns rinne moasten. De seleksje fan it 3e kaam al gau by in lyts sletsje út. It sletsje wie net al te breed, dus der waard besletten om der mar ien foar ien oerhinne te springen. Dit wie foar gjin ien in probleem, behalve foar .....Hampie(Harm-Auke Dijkstra). Mei syn koarte poatsjes rôde hy de oare kant fan de sleat net en begie stjonkend as in mud en dweiltrochwied oan de warming-up.

### **SDS'ers(13)**

Yn it jubileumboek "SDS: 50 jier swart/wyt"(side 10) stiet dat bestjoerslid Gerrit Vermeulen yn it jubileumboek fan 1972 skriuwt dat hy net wit of penningmeester Yme Zijlstra mei SDS "sterk door samenspel" of "sterk door samenwerking" bedoeld hat. Yme Zijlstra fertelde ús redaksjelid Silvia Hania dat de namme oarspronklik SDO wie: Samenspel doet Overwinnen'. Hoe't it letter SDS wurden is, hat er net sein. In moaie fraach foar it folgende jubileumboek dus.....

## **Meiwerkers jubileumtreffer**

Dizze minsken hawwe allegear meiwerke oan dizze jubileumtreffer:

**Foto's:** Trefferredaksje, Jaring Rispens fan Fotopersburo JRF, Henk Bootsma en Lennart Damsma(Be Quick Dokkum).

**Tekst:** Aant Hofstra, Gerard van Asselt, Silvia Hania, Sjoerd van Beem, Willem Wijnia, Hendrik Eringa, Klaas Okkema, Tsjipke Okkema, Yme Zijlstra, Jan de Jong, Bolke, Sibe de Seefügel, Johan Delfsma, Wesley Hoitinga, Douwe-Dirk Reitsma, Meinte Wesselius, Bauke de Boer, Ate Vellinga, Anne Brouwer, Marcel Franken, Ids Boersma, Robert Hoekstra, Jan van Asselt, Hylke de Vries, Attie Zijlstra, Pieter Kamstra, Ivo Donath, Freddie Scheltema, Hinke Kuiper, Sipke Hiemstra, Ate Feike de Boer, Eelke Dotinga, Riemer Riemersma, Wilco Spoelman, Henk Buning, Sjouke Walinga, Wietze Klaver, Andries Westra, Jaap Kraak, Tsjitske Altena en Remco Hiemstra.  
En fansels de drukkers fan Hanzedruk!!  
Allegear tige tank foar jim bydrage!!



## Sponsors Easterein - Wommels

De volgende sponsors meitsje de wedstryd tusken Easterein en Wommels mei mooglik:

 Faber Uitvaartzorg



Wulperterwei 39  
8731 CD Wommels  
0515 - 33 17 26  
[info@faberuitvaartzorg.nl](mailto:info@faberuitvaartzorg.nl)  
[www.faberuitvaartzorg.nl](http://www.faberuitvaartzorg.nl)





 Huub Witteveen  
Makelaardij

[www.witteveen-makelaardij.nl](http://www.witteveen-makelaardij.nl)




Rojo Steigerbouw b.v.  
brengt hogerop dichterbij



 WD-SAT  
VOOR EEN PERFECTE ONTVANGST

Saad 7 - 8731 DC WOMMELS - 0515 331572 / 06 50 82 71 03 - [info@wdsat.nl](mailto:info@wdsat.nl)

 Schilders  
Wommels

Voor al Uw binnen-en buiten schilderwerk

- Binnenwerk: Behangwerk  
Glasvlies  
Wandafwerking  
Sauswerk  
Schilderwerk
- Buitenwerk: Onderhouds werk  
Nieuwbouwwerk

A.Brouwer Hofkamp 19 Wommels  
Tel. 0515 331836 Fax. 0515 331836  
Mob. 06 53645604



See you in Bolsward,  
Hoorn en Den Helder

 AMERICAN BASE  
TWIBAKSDYK 4, BOLSWARD • TEL. 0515-577003

 HANZEDRUK

De Marne 108b, 8701 MC Bolsward  
tel. 0515 577111 • fax 0515 577222  
[info@hanzedruk.nl](mailto:info@hanzedruk.nl) • [www.hanzedruk.nl](http://www.hanzedruk.nl)

## TELE DATA COM

HELDERHEID IN BEREIKBAARHEID

- Infrastructuur
  - Projectmanagement
  - Advies
- Koperslagerrstraat 63  
8601 WP Sneek  
Tel: 0515-443030  
Fax: 0515-434243  
[info@teledatacom.nl](mailto:info@teledatacom.nl)  
[www.teledatacom.nl](http://www.teledatacom.nl)

 Bouma  
Slagerij  
Easterein  
Tel. 0515-331352

 Kafé Restaurant  
BERGSMA  
Easterein  
„voor de sfeer van velen“

Kafé Restaurant Partycentrum Bergsma, een schitterende locatie voor vergadering, familiefeest, bruiloft, diners en nog veel meer. Kom eens langs en bekijk alle mogelijkheden. Wij helpen graag met een op maat gesneden arrangement!

Succes met de jubileumdag en wij proosten met jullie op een gezellige en geslaagde wedstrijd!

Voor meer info: [www.cafebergsma.nl](http://www.cafebergsma.nl)